

**Jierferslach**

2 0 \ \ \

\ D / N G \

\ T / / D \

\ \ \ 2 5



# Jierferslach

2 0 \ \ \

\ D / N G \

\ T / / D \

\ \ \ 2 5



# DINGtiid

## **Sûnder doelen kinst ek net skoare**

**As jo net witte wêr't jo hinne wolle, dan is it ek dreech om in rûte út te stippeljen. Dat heart miskien sa klear as in klûntsje, dochs is it faak in hiele toer om út te finen wêr't jo nei ta moatte.**

Yn ien fan de earste advizen dy't DINGtiid útbrocht, skreaunen wy dat it setten fan in stip op de hoarizon krúsjaal is foar de takomst fan de Fryske taal. It Frysk hat ferlet fan in stevige koers: it ûntwikkeljen fan in mienskiplik perspektyf en in mienskiplike ambysje foar it Frysk. Goed tsien jier letter beklamje wy yn ús advizen noch altyd dat it markearjen fan in punt dêr't jo hinne wolle, de basis is. Dat boadskip wurdt hieltyd faker oppakt: der wurde moaie stappen set foar it Frysk.

In pear foarbylden út it ûnderwiis. DINGtiid advisearre, mei ferskate partners, de lêste jierren oer it fersterkjen fan it Frysk yn it mbû. Wy binne dan ek tige wiis mei de oanstelling fan in praktor Frysk. De trochgeande learline is yn 2025 fierder ferstevige yn it heger ûnderwiis mei in minor Friese Journalistiek en Media en in universitêre bachelor oan de Ryksuniversiteit Grins. Oer beide saken hat DINGtiid de lêste jierren advys útbrocht.

Dit jier wie fuotbalferiening Harkemase Boys op De Harkema gasthear foar de DINGtiid-lêzing 'Fitaal Frysk. Hoe kinst skoare mei taal yn 'e sport?' As der ien sport is dy't ûnderstreket wat DINGtiid altyd advisearret, dan is it wol it fuotbal: sûnder doelen kinst ek net skoare.

Ik winskje jo in soad wille ta by it lêzen fan dit jierferslach!



Jan Koster  
Foarsitter DINGtiid

## **Haadlinen DINGtiid yn 2025**

Foar jo leit it jierferslach fan DINGtiid, it orgaan foar de Fryske taal, ynsteld by de Wet gebrûk Fryske taal (2014). DINGtiid set him yn om de likense posysje fan de Fryske en Nederlânske taal yn Fryslân te befoarderjen. Yn dy wet is bepaald dat DINGtiid om it jier in Wurkprogramma foarleit oan de minister fan BZK. Dit jierferslach behannelet de wurksumheden neffens (de update fan) it [Wurkprogramma 2024/2025](#)<sup>1</sup>.

### **Oerlizen**

Bestjoer en stêf hawwe yn 2025 alve ynterne gearkomsten hân. Derneist hawwe twa oerlizen plakhân mei deputearre Eke Folkerts fan Provinsje Fryslân, op 13 febrewaris en 16 oktober 2025. Yn dy petearen kamen ûnderskate ûnderwerpen oan bar, ûnder oaren de advystrajekten Lanlike Kennistafel Frysk, Frysk yn it mbû en de fuortgong fan it opstellen fan in konvenant foar in universitêre bachelor Frysk oan de Ryksuniversiteit Grins. Fierder kamen de notiidske BFTK op it aljemint en de plannen fan de provinsje foar in Langetermynambysje mei it Frysk.

Neist dy twa bestjoerlike oerlizen mei deputearre Folkerts hat der op 6 febrewaris 2025 in bestjoerlike oerlis plakhân oer it Frysk yn it rjochtsferkear. Dêrby wienen neist Provinsje Fryslân en DINGtiid, ek Andrea Gerding, presidint fan Rjochtbank Noard-Nederlân, en Eddie Bongers, presidint fan Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert oanwêzich.

Bestjoerlik en amtlik hawwe der noch ferskate ynformele en formele bilaterale oerlizen plakhân mei fertsjintwurdigers fan ûnder oaren Provinsje Fryslân en de ministearjes fan BZK, OCW en J&V. Fierder is der praat mei politisy fan ûnderskate politike partijen út sawol de Earste as Twadde Keamer.

### **Petearen mei it fjild**

Leden fan bestjoer en stêf hawwe petearen hân mei fertsjintwurdigers of gearkomsten bywenne fan ûnder oaren: it Adviescollege voor Nederlandse Gebarentaal, de Ried fan Europa, Mei-inoar foar it Frysk, it Steatekomitee Frysk, Gemeenten&Frysk, de Politike Kommisje (POK) fan de Fryske Beweging, Omrop Fryslân, Ryksuniversiteit Grins, Campus Fryslân, Fryske Academy, NHL Stenden, Afûk, Wy binne mbû, Tresoar, Europeesk Buro foar de Lytse talen, Koninklijke Nederlandse Akademie

van Wetenschappen, Wittenskipswinkel Ryksuniversiteit Grins, Rjochtbank Noard-Nederlân, Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert, it Skriuwersbûn, Sintrum Frysktalige Berne-opfang, Noardelijke Rekenkamer, Stichting Bedrijfsleven en Beroepsonderwijs (SBB), Plysjeakademy Drachten, Firda, Aeres, Kiesraad en Hoes veur 't Limburgs.

Dêrneist hawwe de nei oanlieding fan de ferkiezings beneamde Twadde Keamerleden út Fryslân ôf mei Fryske woartels in brief mei in lokwinsk ûntfongen.

Yn 2025 hawwe fertsjintwurdigers fan DINGtiid de folgjende konferinsjess of wurkbesiten bywenne:

- Op 10 april hat in delegaasje fan DINGtiid it sympoasium Erkende Talen, organisearre troch BZK, yn Hilversum bywenne. Bestjoersadviseur Anne Popkema fersoarge boppedat in workshop 'De rol van adviescollege's' op dit sympoasium.
- Op 8 en 9 maaie hawwe bestjoersadviseur Anne Popkema en bestjoerslid Alex Riemersma in konferinsje bywenne yn Cottbus (Dútslân) oer de taalplanning fan de Sorbyske taalminderheid.
- Op 18 novimber hat bestjoersadviseur Anne Popkema dielnommen oan it sympoasium 'the Protection of Regional and Minority Languages in the EU Trademark Law' yn Brussel.
- Op 21 oktober hat bestjoerder Alex Riemersma in lêzing bywenne oer it revitalisaasje-projekt ZARI fan de Sorben (Opper- und Nieder-Sorben in der Lausitz (Land Saksen, DE).
- Fan 2 oant en mei 4 desimber hat foarsitter Jan Koster op útnûging fan it Steatekomitee Frysk mei west mei in wurkbesite oan Eupen en Maastricht. Dêrby wienen ek Kommissaris fan de Kening Arno Brok, deputearre Eke Folkerts, Andrea Gerding, presidint fan Rjochtbank Noard-Nederlân, en Eddie Bongers, presidint fan Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert oanwêzich.

# Langetermynambysje mei it Frysk

## **Oanrin**

Ein 2022 is yn de Twadde Keamer in [moasje](#)<sup>2</sup> oannaam dy't te krijen hat mei de fyzje op de takomst fan de Fryske taal. Dat rekket oan in kwestje dêr't DINGtiid al in folle langer skoft geregeldwei op weromkomt, yn ús advizen en ek yn de oerlizzen mei ús primêre advyspartners (Ryk en Provinsje) en mei de ComEx fan de Ried fan Europa: der is gjin 'stip op de hoarizon'. Nettsjinsteande dat der ambysjes binne dy't fierder rikke as in pear [jier](#)<sup>3</sup>, is in allesomfiemjende en breeddroegen langetermynambysje mei it Frysk nea formulearre. Sa'n ambysje moat it perspektyf biede dêr't Fryske partners mei-inoar nei ta wurkje kinne en moat rjochting jaan oan alle foarmen fan dielbelied op it mêd fan it Frysk – lykas [ûnderwiisbelied of mediabelied](#).<sup>4</sup>

Ein 2023 hawwe bestjoer en stêf fan DINGtiid in ynspirearjende wurkbesite brocht oan Wales, dy't nijsgjirrige ynsjoggen oplevere hat foar ús fyzje op de langetermynambysje mei it Frysk. Dy ynsjoggen binne ûnder oaren ferwurke yn ús advysreaksje op de BFTK 2024-2028 oan Ryk en Provinsje Fryslân as tema op himsels, mar ek ferwurke yn ús advysdossiers oer spesifike tema's lykas ûnderwiis of media.

## **Status**

Ein 2024 ha Provinsjale Steaten in moasje oannaam dy't wol dat it Steatekomitee yn 2025/2026 in rûte útleit nei it doel sa't de Steaten dat unanym oannaam ha: in folslein twatalich Fryslân yn 2051. Yn oerlis mei it Steatekomitee Frysk hat DINGtiid syn eigen wurk oan dit dossier dêrom oars ynrychte as dat earder yn it Wurkprogramma 2024/2025 foarsjoen wie.

Yn it [Wurkprogramma 2026/2027](#)<sup>5</sup>, tastjoerd yn septimber 2025, stiet dat DINGtiid yn gearspraak mei Ryk en Provinsje Fryslân (wêrûnder it Steatekomitee Frysk), fierder wurkje sil oan it trajekt oangeande de Langetermynambysje mei it Frysk. DINGtiid fynt it wichtich dat de folgjende BFTK (2029-2033) in dúdlike ambysje en gearhingjende ideeën oer de útfiering befettet, mei it jier 2051 (sekuer 100 jier nei Kneppelfreed) as oriïntaasjepunt. Yn it ramt dêrfan sil DINGtiid yn maaie 2026 in *expert meeting* mei bûtenlânske partners hâlde. De organisaasje dêrfan is yn 2025 úteinset.

# **Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028**

## **Oanrin**

Neffens de Wet gebrûk Fryske taal hat DINGtiid ta taak om te advisearjen oer it tastânkommen en de útfiering fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK). Op 8 april 2024 hawwe Ryk en Provinsje Fryslân de BFTK 2024-2028 ûndertekene. Foarôfgeand dêroan, yn ein maart 2024, hawwe wy ús [BFTK-advys](#)<sup>6</sup> oan Ryk en Provinsje Fryslân oerlance.

## **Status**

Op fersyk fan it Ryk is ús BFTK-advys iepenbier makke, tagelyk mei de [kabinetsreaksje](#)<sup>7</sup> op ús BFTK-advys yn jannewaris 2025.

## **BFTK-advys**

Yn ús BFTK-advys stiet dat DINGtiid oer de hiele breedte beskôge tige wiis is mei de tanommen ambysje dy't de nije BFTK op sa goed as alle beliedsmêden befettet. Boppedat is by de Ryksoerheid, mar ek yn de Twadde Keamer, sûnt 2022 aldergeloks yn tanimmende mjitte in gefoel fan ferantwurdlikheid en soarchplicht te fernimmen. De oanbefellings yn ús advysrapport binne der yn grutte mjitte op rjochte om dat tanimmende gefoel fan ambysje op de ûnderskate beliedsmêden om te setten en te boargjen yn gearhingjend, domeinoerstiigjend, langetermynambysje mei it Frysk. Dêrta is it wichtich dat der fokus komt; it stellen fan in heldere langetermynambysje, it setten fan konkrete doelen dy't dy ambysje stypje en it boargjen fan de struktueren en ynset dy't dêrfoar nedich binne – amtlik likegoed as bestjoerlik, provinsjaal likegoed as nasjonaal.

## **Kabinetsreaksje op BFTK-advys**

Yn jannewaris 2025 hat de doetiidsk BZK-minister, Judith Uitermark, de Twadde Keamer skriftlik op de hichte brocht fan de kabinetsreaksje op it BFTK-advys fan DINGtiid. Mei út namme fan de ministearjes OCW, J&V en SZW betanket se DINGtiid foar de 'yngeande analyse en de konstruktive gearwurking'. It Ryk ûnderskriuwt it belang fan langetermyndoelen foar it Frysk, en it belang fan de mienskip by it opstellen dêrfan. Ek betanket se de ynbring fan it jongereinpanel fan Asega's. Se fynt it in positive ûntwikkeling dat ek jongerein har ynset foar de takomst fan de Fryske taal.

# Kamerfracties manen minister tot concretere acties voor Friese taal

**Den Haag** | Het kabinet moet zich duidelijker uitspreken over doelen voor het Fries in onderwijs en kinderopvang. Dat vinden Tweede Kamerfracties, waaronder ook coalitiepartijen NSC, VVD en BBB.

## Advysbrief nei fallen kabinet

Nei oanlieding fan it fallen fan kabinet Schoof (3 juny 2025) hat DINGtiid yn in [advysbrief](#)<sup>f8</sup> oan de Twadde Keamerfraksjes (17 juny 2025) steld dat der gjin polityk skeel is oer de kearn fan it Frysk taalbelied en dat fuortsetting fan rinnende beliedsdossiers essinsjeel is. DINGtiid ferwiist ûnder mear nei resinte en rinnende advizen oer de Lanlike Kennistafel Frysk, de BFTK, en in ferdjipjend ûndersyk nei it Frysk yn it middelber beropsûnderwiis. Neffens DINGtiid binne dizze dossiers fan grut belang foar de posysje fan de Fryske taal en meie se gjin fertraging oprinne fanwege de demisjonêre status fan it kabinet. Deselde dei hat it demisjonêr kabinet besletten dat it Frysk as net-kontroversjeel beskôge wurde moat.

## Tuskenevaluaasje BFTK 2024-2028

Yn 2026 sil de tuskenevaluaasje fan de rinnende BFTK plakfine. It bestjoer fan DINGtiid hat dêrfoar yn 2025 ynterne petearen fierd en ek yn bestjoerlike oerlizen mei Ryk en Provinsje Fryslân is dit ferkennend bepraat.

# Lanlike kennistafel Frysk

## **Oanrin**

Yn in [Twadde Keamer-moasje](#)<sup>9</sup> (desimber 2022) is it Ryk frege om ûndersyk te dwaan nei it ynstellen fan in lanlik gremium oangeande it Frysk om sa de Ryksbelutsenens by de Fryske taal en kultuer te fergrutsjen en te boargjen. BZK hat op 5 july 2023 it fersyk by DINGtiid dellein om te advisearjen oer de winsklikheid, opdracht en gearstalling fan sa'n oerlispunt.

## **Status**

Op 16 novimber 2024 hawwe wy ús advys '[Ta in lanlike kennistafel Frysk](#)'<sup>10</sup> oanbean. Yn it advys stelt DINGtiid dat sa'n lanlike kennistafel Frysk perfoarst winsklik is. Mei de ratifikaasje fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale Talen en Talen fan Minderheden (1996) en it ynstellen fan de Wet gebrûk Fryske taal hat Nederlân ûnderkend dat it Frysk in nasjonale taal is yn Fryslân, en dat dy taal beskerming en befoardering nedich hat. Yn de [kabinetsreaksje](#)<sup>11</sup> fan 18 septimber 2025 stiet dat it Ryk ús advys oernimt om in Lanlike Kennistafel Frysk yn te rjochtsjen. Us advys moat sjoen wurde as in goed trochtocht foarstel, dat lykwols yn in breder fermidden fierder bepraat wurde moatte sil om draachflak te krijen oangeande beminsking, agindearring, evaluaasje en útfiering. Yn 2025 is ôfpraat om ek yn de perioade fan it Wurkprogramma 2026/2027 by de kennistafel behelle te wêzen.

Friesch Dagblad, 25 septimber 2025, pagina 7

FRIESE TAAAL

## Minister voor Kennistafel Fries

Demissionair minister Frank Rijkaart wil een Landelijke Kennistafel voor de Friese taal helpen oprichten. Dit moet wel 'budgetneutraal': het mag geen extra geld kosten. Dit schreef de demissionair minister van Binnenlandse Zaken maandag in een brief aan de Tweede Kamer. 'Een Landelijke Kennistafel Fries (LKF) geeft kennis en expertise uit het Friese veld een directe toegang tot het rijk en verkleint daarmee de afstand tussen Den Haag en Fryslân.' De oprichting gebeurt op advies van DINGtiid, een orgaan dat als doel heeft om het Fries een gelijkwaardige positie te geven ten opzichte van het Nederlands. Verschillende Friese Kamerleden vroegen hiervoor aandacht bij het kabinet. Doel is om beter overleg op gang te brengen met Den Haag over het Friese taalbeleid.

# DINGtiid-lêzing 'Fitaal Frysk'

## **Oanrin**

DINGtiid sjocht it as ien fan syn taken om de maatskiplike diskusje oer it Frysk te befoarderjen. Yn it ramt dêrfan is yn 2022 úteinset mei de jierlikse DINGtiid-lêzing, dêr't fanút ferskillende ynfalshoeken in spesifyk tema besprutsen wurdt. Yn 2022 is sawol yn Ljouwert as yn Den Haach in lêzing organisearre fanwegen it 25-jierrich bestean fan it Europeesk Hânfêst. Yn 2023 stie it '[Frysk yn de rjochtspraak](#)'<sup>12</sup> sintraal, yn 2024 it '[Frysk yn de soarch](#)'<sup>13</sup>.

## **Status**

Op sneon 8 novimber 2025 hie de DINGtiid-lêzing 'Fitaal Frysk. Hoe kinst skoare mei taal yn 'e sport?' plak yn de skybox fan fuotbalklup Harkemase Boys op De Harkema. Dizze edysje gie djipper yn op de fraach hoe't de Fryske taal en sport inoar fersterkje kinne. Sprekkers Sippe Heeringa (Harkemase Boys), Anne Jochum de Vries (Sport Fryslân) en Marnix Heida (NL Training) joegen harren fyzje dêrop.

Leefstylcoach Caroliene Lemstra fersoarge yn it Biltsk *energizers*, om goed yn beweging te bliuwen. Yn de lêzing en de paneldiskusje kaam nei foaren dat sportcoaches it foardiel sjogge fan it brûken fan it Frysk om minsken yn beweging te krijen en minsken wolkom fiele te litten. Al kin taal bytiden krekt ek bûtenslute. Oan de oare kant merke taaloanbieders dat it geunstich is om taallessen te fersoargjen op sportlokaasjes en dat ek te ferbinen oan beweegjend leare. De lêzing waard goed besocht en hat moaie kontakten foar it netwurk ta gefolch hân. De lêzing brocht sportorganisaasjes, taaloanbieders en beliedspartners byinoar en hat laat ta nije gearwurkingskontakten tusken sportferienings en oanbieders fan Frysk ûnderwiis. Dêrmei ûntstiene kânsen foar taallessen op sportlokaasjes en foar de ûntwikkeling fan beweechrjochte learfoarmen. De grutte opkomst en de aktive diskusje ûnderstreken de brede belangstelling foar dit tema. De [aftermovie](#)<sup>14</sup> fan GEOcast Media soarge dêrneist foar fierdere fersprieding fan de boadskip en fersterke it berik fan de lêzing.

# Bij Harkemase Boys staat de loopband in het 'swithok'


Een Fries clublied hadden ze al. Nu doen ze er bij voetbalclub Harkemase Boys nog een skepke bovenop: de kleedkamers zijn genummerd van 'ien' tot en met 'seis' en de fitnessruimte heet voortaan een 'swithok'.



Vrijwilliger Jan Oosterhoff en voorzitter Sippe Heeringa van voetbalclub Harkemase Boys bij de Friestalige kleedkamers. Foto Jilmer Postma

## Frysk yn it ûnderwiis

Al in oantal jierren leit DINGtiid de klam op it fersterkjen fan de Trochgeande learline Frysk yn it ûnderwiis. Op ús webside binne alle relevante advysrapporten fan DINGtiid yn it dossier '[Trochgeande learline Frysk](#)'<sup>15</sup> op in rychje set. Yn 2025 is oan de folgjende dossiers (fierder) wurke:



## Advystrajekt Frysk yn it mbû

### **Oanrin**

Nei oanlieding fan in [Twadde Keamermoasje](#)<sup>16</sup> fan Van der Molen & Bevers (desimber 2022) is DINGtiid yn april 2023 frege om in advys te jaan oer it Frysk yn it mbû. Yn oparbeidzjen mei gearwurkingsferbân Wy binne mbû is yn novimber 2023 ús rjochtingjaande advysbrief '[Frysk yn it mbû](#)'<sup>17</sup> oanbean oan BZK en OCW, mei dêryn ûnder oaren de oanbefelling om sa gau as mooglik in praktoraat Frysk en meartaligens foar it mbû yn te stellen.

### **Status**

Yn it ramt fan it mbû-dossier is op 13 maaie 2025 in DINGpetear organisearre by Firda yn Snits. Yn maaie 2025 is ien fan ús oanbefellings útfierd mei de oanstelling fan dr. Lysbeth Jongbloed-Faber as praktor 'Fryske taal en geletterdheid yn in meartalige kontekst' by mbû-ynstelling Firda. Op 10 july 2025 hat DINGtiid it ferdjipjende ûndersyk presintearre yn it advysrapport '[Oan it wurk mei it Frysk](#)'<sup>18</sup> oer de posysje en fuortsterking fan it Frysk yn it middelber beropsûnderwiis. Dat waard oanbean oan Harry van der Molen (Firda) en Harry Bevers (VVD). Dêryn stiet dat der ferlet is om de Fryske taal yn it middelber beropsûnderwiis steviger

te ferankerjen en dat der ek genôch mooglikheden binne om dat te regeljen. Yn it advys binne tsien konkrete oanbefellings opnommen om dat te realisearjen. Ryk en Provinsje Fryslân hawwe noch gjin offisjele reaksje jûn op it advys.



Oanbieding fan it advysrapport 'Oan it wurk mei it Frysk'. Fan links nei rjochts: Alex Riemersma (DINGtiid), Harry van der Molen (Firda), Harry Bevers (Twadde Keamer), Lysbeth Jongbloed-Faber (Firda) en Sierd Prins (DINGtiid).  
Foto: Firda

Omrop Fryslân, 11 juli 2025

## Wer in folsleine bachelor en mear sichtber op mbû: Frysk yn 'e klasse krijt boost

It Frysk krijt in flinke boost yn it ûnderwiis. Sa wurdt it wer mooglik om in folslein bachelorprogramma Frysk te folgjen en ek yn it middelber beropsûnderwiis (mbû) krijt Frysk in mear sichtbere rol.

# Advystrajekt Frysk yn it heger ûnderwiis

## **Oanrin**

Al in oantal jierren bûgt DINGtiid him oer it Frysk yn it heger ûnderwiis. Op fersyk fan Provinsje Fryslân hat DINGtiid yn desimber 2022 in earste [advys](#)<sup>19</sup> útbrocht oer de boarging fan de universitêre frisistyk. Dat moast lykwols as in tuskenstasjon beskôge wurde, fanwegen de dynamyk dêr't de frisistyk yn de rin fan 2022 yn bedarre en dy't kulminearre yn de [moasje](#)<sup>20</sup> fan De Hoop & Van der Molen (novimber 2022).

De KNAW stelde yn dy perioade in kommisje yn om ûndersyk te dwaan nei de takomst fan de frisistyk. Op fersyk fan de KNAW organisearre DINGtiid yn juny 2023 in DINGpetear oer it boargjen fan de frisistyk. De KNAW presintearre yn desimber 2023 it advysrapport '[De toekomst van de frisistiek](#)'<sup>21</sup>. Yn it rapport advisearre de KNAW om op syn minst ien selsstannige bacheloropleiding frisistyk op te rjochtsjen, mei in fulltime heechlearaar. De Ryksoerheid soe finansjeel ferantwurdlik wêze moatte foar dy opleiding troch de wei fan in konvenant mei in Nederlânske universiteit foar ûnbepaalde tiid. Yn 2024 hawwe Ryk, Provinsje Fryslân en de Ryksuniversiteit Grins mei-inoar om tafel sitten om dat konvenant stal te jaan. DINGtiid wie dêrby in advisearjende rol taparte en hat dêrom begjin oktober 2024 in advysbrief, as reaksje op it earste konsept fan de konvenantstekst, by de partijen yntsjinne. De KNAW organisearre dêrnei yn novimber 2024 in kongres oer de takomst fan de frisistyk.

## **Status**

Yn febrewaris 2025 hat deputearre Eke Folkerts fan de Provinsje Fryslân it fersyk by DINGtiid dellein om te advisearjen oer it stânplak fan de bachelor Frysk. Streekrjochte oanlieding foar de deputearre dêrta wie de moasje fan PS, dy't û.o. woe dat de deputearre ûndersykje litte soe oft it ferpleatsen fan de learstoel Frysk nei Ljouwert effekt hawwe soe op it tal studinten. Yn ús [advysbrief](#)<sup>22</sup> (25 febrewaris 2025) hawwe wy advisearre om de bachelor Frysk yn Grins, en net yn Ljouwert te organisearjen. Op 13 july 2025 hawwe Ryk, Provinsje Fryslân en de Ryksuniversiteit Grins it [konvenant](#)<sup>23</sup> foar in bachelorprogramma Frysk [ûndertekene](#).<sup>24</sup> DINGtiid is trochrinnend behelle by dit advysdossier.

# **Frysk yn it rjocht**

## **Oanrin**

DINGtiid fiert konstruktive petearen mei bestjoerders fan de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert oer de winsk om it brûken fan it Frysk yn de rjochtseal leechdrompeligjer te meitsjen en sa de kwaliteit fan de rjochtspraak helpe te ferbetterjen. De DINGtiidlêzing fan 2023 oer it Frysk yn de rjochtspraak resultearre yn it oprjochtsjen fan in ynterne wurkgroep foar sawol it Gerjochtshôf as foar de Rjochtbank, mei dêryn sawol rjochters as oare meiwurkers.

## **Status**

Ek yn 2025 binne dizze wurkgroepen ferskate kearen byinoar kaam om te praten oer de hjoeddeistige taalsituaasje binnen de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert en de beliedsmjittige stappen dy't yn dat ramt set wurde kinne soenen. Dêrneist hawwe de Rjochtbank en it Gerjochtshôf in mienskiplike bestjoerlike wurkgroep, dêr't ek DINGtiid as taharker by oanskoot.

Op 6 febrewaris 2025 hawwe bestjoerders fan DINGtiid in oerlis hân mei Andrea Gerding, presidint fan Rjochtbank Noard-Nederlân, Eddie Bongers, presidint fan Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert en deputearre Eke Folkerts oer it Frysk yn it rjochtsferkear.

Yn septimber 2025 is it bestjoer fan DINGtiid yn 'e kunde kaam mei Corien Fahner, dy't earder dat jier beneamd waard ta haadoffisier fan it Iepenbier Ministearje. Yn dat petear kaam ek de posysje fan de Fryske taal yn de rjochtspraak op it aljemint.

It Steatekomitee Frysk fan de Provinsje Fryslân hat yn desimber 2025 in wurkbesite organisearre nei Eupen, it Dútsk taalgebiet yn België. Dêrby waarden ûnder oaren de presidinten fan Rjochtbank Noard-Nederlân en Gerjochshôf Arnhem-Ljouwert, de Kommissaris fan de Kening Arno Brok, deputearre Eke Folkerts en foarsitter Jan Koster fan DINGtiid útnûge om te ûnderfinen hoe't yn Eupen mei de Dútske taal omgien wurdt yn it rjochtsferkear.

# **Frysk yn de media**

## **Advystrajekt Sjoernalistyk en de Fryske taal**

### **Oanrin**

Yn april 2023 krige DINGtiid in advysfraach fan de ministearjes fan BZK en OCW oer wat der nedich is om de kwaliteit fan de Frysktalige sjoernalistyk te ferbetterjen no't nije generaasjes sjoernalisten de Fryske taal minder goed yn de macht hawwe. It advysfersyk kaam fuort út in Twadde Keamer-[moasje](#)<sup>25</sup> fan Kuiken & De Jong (desimber 2022). Yn de [advysbrief](#)<sup>26</sup> fan DINGtiid, oanbean oan de ministearjes fan BZK en OCW, wurdt it ferlet fan media, ûnderwiis- en taalinstellingen om de Frysktalige sjoernalistyk te ferstevigjen ûnderskreaun en wurdt oantrúnd op ûnder oaren it opsetten fan in minor Frysktalige sjoernalistyk.

### **Status**

De minister fan BZK skreau op 6 jannewaris 2025 yn in [kabinetsreaksje](#)<sup>27</sup> dat se de oanbefellings út it advys fan DINGtiid ter herte nimme. As resultaat hawwe it ministearje fan OCW en Provinsje Frysân besletten om foar de perioade fan de BFTK 2024-2028 beiden 125.000 euro beskikber te stellen foar in hbû-minor Fryske Sjoernalistyk en Media. Yn febrewaris 2025 is de minor [Friese Journalistiek en Media](#)<sup>28</sup> fan start gien, dy't ûntwikkele is troch de hegeskoallen NHL Stenden (Ljouwert) en Windesheim (Swol), de Fryske mediabedriuwen, Ryksuniversiteit Grins en Afûk.

## **Advysbrief Lisensje-takenning regionale stjoerder Fryslân**

### **Oanrin**

Yn july 2025 makke nijsorganisaasje [ORT FRL](#)<sup>29</sup> it [foarnimmen](#)<sup>30</sup> bekend om it Commissariaat voor de Media te fersykjen om foar de perioade fan 2026 ôf de lisensje foar regionale omrop foar de provinsje Fryslân op harren oer te dragen. In wichtich argumint dat ORT FRL brûkte, is dat Omrop Fryslân, oan wa't oant no ta de lisensje altiten ferstrekt waard, mei it brûken fan it Frysk in tige grut part fan de Fryske befolking net berikke soe.

### **Status**

Yn septimber 2025 hat DINGtiid in [advysbrief](#)<sup>31</sup> skreaun oan it Commissariaat voor de Media oer de rol fan de Fryske taal foar de lisensje-takenning foar de regionale stjoerder fan Fryslân. Dêryn wurdt beneamd dat it Frysk gjin spesifike posysje takend krigen hat yn de Mediawet. Wol

ferwize wy nei de Wet gebrûk Fryske taal (2014) dêr't it Frysk as Rykstaal yn erkend is, nei it Mediahaadstik yn de BFTK 2024-2028, en it troch Nederlân ratifisearre Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden (1996) foar it Frysk, mei meardere bepalings oer radio en telefyzje. Yn de [lisinsjetawizing](#)<sup>32</sup> fan it Commissariaat voor de Media oan Omrop Fryslân op 16 desimber 2025 wurdt net neier yngien op de wetlike boarging fan de Fryske taal.

## **Jongereinpanel Asega's**

### **Advysbrief oer Welsk kultuerfestival**

#### ***Oanrin***

Op fersyk en út namme fan DINGtiid ha trije leden fan ús jongereinpanel mei Asega's yn juny 2024 nei Wales west. Dêr ha se meidien oan it jierlikse taalfestival Eisteddfod: in evenemint dat de Welske taal- en kultuer fiert. It festival bringt sûnt 1922 alle jierren tsientûzenen jongeren út hiel Wales byinoar om mei te dwaan oan wedstriden op it mêd fan muzyk, literatuer, dûns en poadiumkeunsten. It bestjoer fan DINGtiid hat harren frege om, fanút harren perspektyf as jongfolwoeksenen, dêr nei te gean oft de Welske oanpak fan sa'n taalfestival oanknopingspunten of ynspiraasje biedt foar de Fryske situaasje.

Yn in [advysbrief](#)<sup>33</sup> skriuwe de Asega's dat Fryslân leare kin fan Wales troch kultueraktiviteiten mei ferbinende en frijетиidsaktiviteiten te kombinearjen. Dêrmei kin in gruttere doelgroep oansprutsen wurde en in gruttere doelgroep ek yn kontakt komme mei mear aspekten fan de Fryske kultuer.

#### ***Status***

Op 4 febrewaris 2025 skreau Deputearre Steaten fan Provinsje Fryslân in reaksje op it advys fan de Asega's. DS litte witte posityf tsjinoer it advys te stean en wolle dêroer graach fierder prate mei de oanbelangjende Asega's. Dat petear, mei deputearre Eke Folkerts, hat plakhân op 27 febrewaris 2025. Deputearre Folkerts hat it advys fan de Asega's trochstjoerd nei it Steatekomitee Frysk fan Provinsjale Steaten mei de fraach dêr in reaksje op te jaan.

# Wurkprogramma 2026/2027

## **Oanrin**

Om de twa jier presintearret advysorgaan DINGtiid in Wurkprogramma oan it ministearje fan BZK en Provinsje Fryslân, lykas fêststeld yn de Wet gebrûk Fryske taal.

## **Status**

Yn septimber 2025 hat DINGtiid it [Wurkprogramma 2026/2027](#)<sup>34</sup> tastjoerd oan Ryk en Provinsje Fryslân. Neist rinnende advizen, sille ek nije trajekten opset wurde. Yn 2025 binne dêroer ferkennende petearen fierd. Nije trajekten gean oer it koarte- en langetermyn belied oangeande de Fryske literatuer, de posysje fan it Frysk yn it demokratysk proses en it opsetten fan in Netwurk Taaladvyskolleezjes.

## Oersjoch útjeften DINGtiid yn 2025

It beskikbere budzjet fan DINGtiid foar it jier 2025 wie € 171.862. De Provinsje Fryslân hie foar 2025 in bedrach fan € 94.100 earmerke foar DINGtiid. It ministearje fan BZK stelde DINGtiid € 68.000 ta foldwaan. Dêrneist wie der út 2024 noch in bedrach fan € 9.672 beskikber foar 2025. Fierder fersoarget BZK ek de fergoedings foar de bestjoersleden fan DINGtiid.

	<b>Uitgaven</b>
Stêf DINGtiid	€ 63.933,86
Húsfêsting	€ 9.738,70
Kommunikaasje	€ 7.152,48
Wurkprogramma – ûndersyk en advizen yntern	€ 38.251,14
Wurkprogramma – ûndersyk en advizen ekstern	€ 12.647,00
Oerlizzen – DINGpetearen – DINGtiid-lêzing	€ 7.936,50
Asega's	€ 186,18
Oare kosten (reiskosten, administraasje, abonneminten, sollicitaasjes, ensfh.)	€ 10.741,71
<b>Totaal</b>	<b>€ 150.587,57</b>
Fergoedings bestjoersleden DINGtiid	€ 23.916,00

## DINGtiid yn 'e media yn 2025

- ['Advies: houd studie Fries in Groningen'](#)  
(Friesch Dagblad, 27-02-2025)
- ['Kamerfracties manen minister tot concretere acties voor Friese taal'](#)  
(Friesch Dagblad, 28-02-2025)
- ['Bachelor Fries waarschijnlijk niet in Leeuwarden, maar 'gewoon' in Stad'](#)  
(OOG TV, 4-03-2025)
- [Bachelor Fries komt waarschijnlijk in Groningen](#)  
(Ukrant, 04-03-2025)
- Fraachpetear mei Jan Koster oer advys universitêre frisistyk  
(RTV Noord, 04-03-2025)
- Fraachpetear mei Jan Koster oer advys universitêre frisistyk  
(Omrop Fryslân, 4 maart 2025 om 13.20 oere)
- ['Eensgezindheid over studie Fries'](#)  
(Friesch Dagblad, 12-03-2025)
- ['Kamerfracties manen minister tot concretere acties voor Friese taal'](#)  
(Friesch Dagblad, 28-02-2025)
- ['Kennistafel mag geen extra geld kosten'](#)  
(Leeuwarder Courant, 24-09-2025)
- ['Minister voor kennistafel Fries'](#)  
(Friesch Dagblad, 25-09-2025)
- ['Fries in mbo kan niet verplicht, maar wel versterkt worden'](#)  
(Friesch Dagblad, 11-07-2025)
- [Wer in folsleine bachelor en mear sichtber op mbû:  
Frysk yn 'e klasse krijt in boost](#)  
(Omrop Fryslân, 11-07-2025)
- [Wêrom hat Fryslân gjin eigen kultuerfestival?](#)  
(Omrop Fryslân, 16-08-2025)
- Fraachpetear mei Jan Koster oer de Lanlike Kennistafel Frysk  
(Omrop Fryslân, 23-09-2025, 12.40 oere)
- ['Harkemase Boys verfrist de club: "Ús fitness is no in swithok"'](#)  
(RTV NOF, 05-11-2025)
- ['Gjin fitness, mar swithok: Harkemase Boys ferfrysket eigen sportpark'](#)  
(Omrop Fryslân, 05-11-2025)
- ['Bij Harkemase Boys staat loopband in het 'swithok''](#)  
(Leeuwarder Courant, 06-11-2025)
- ['Bij Harkemase Boys staat loopband in het 'swithok''](#)  
(Friesch Dagblad, 07-11-2025)

## **DINGtiid: bestjoer, stêf en Asega's**

Op 1 jannewaris 2025 bestie it bestjoer fan DINGtiid út:

- Jan Koster (earder: direkteur Arbeidsfoarsjenning; Ekonomyske Saken gemeente Maastricht; direkteur Omrop Fryslân), foarsitter, oandachtsfjild bestjoerlike saken en media;
- Jitske de Hoop (beliedsadviseur Fryske taal en kultuer by Omrop Fryslân, en selsstannige op it mêd fan de Fryske taal en kultuer), oandachtsfjild taal en kultuer;
- Hedzer Klarenbeek (earder: jeugd- en sedeplysje Fryslân, wurdfierder fan it kolleezje fan B&W fan gemeente Ljouwert), oandachtsfjild oerheden;
- Annalies Outhuijse (direkteur Academie van Franeker, earder: advokaat), oandachtsfjild rjocht;
- Alex Riemersma (earder: lektor Frysk en Meartaligens oan NHL Stenden), oandachtsfjild ûnderwiis.

De bestjoersleden hawwe mienskiplik dat harren woartels yn Fryslân lizze en dat se harsels dêr ek bot mei ferbûn fiele. Tagelyk sjogge se mei in frisse blik nei Fryslân en it Frysk.

It bestjoer fan DINGtiid wurdt stipe troch Anne Popkema (bestjoersadviseur), Sierd Prins (beliedsstiper), Tjallien Kalsbeek (sekretariaat) en Froukje Sijtsma (kommunikaasjeadviseur en beliedsstiper).

Sûnt maaie 2023 hat DINGtiid in [jongereinpanel](#)<sup>35</sup> fan tolve 'Asega's', besteande út jonge Friezen dy't ynbring jouwe foar it advyswurk fan DINGtiid. De folgjende Asega's hienen op 1 jannewaris 2025 sit yn it panel: Arjen Bloem, Ate Bouma, Willem Duijff, Jorris Kingma, Jelmer Quartel, Kyra Rottiné, Welmoed Sjoerdstra, Sibrecht Veenstra, Syrou van der Velde, Fardau Visser, Iris Witzenburg en Pieter Zijlstra. Jelmer Quartel hat yn 2025 ôfskied nommen fanwegen it berikken fan de stelde leeftydsgrens foar Asega's. Ids Jelte Hiemstra is der per 1 juny 2025 bykaam.

## **DINGtiid: taakopfetting en wurkwize**

DINGtiid ferfollet syn wetlike taak troch te rapportearjen oer it ferlet en winsken oangeande de Fryske taal en kultuer yn relaasje ta de Wet gebrûk Fryske taal, it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden en it Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden. Dêrby rapportearret DINGtiid oan oerheden, bestjoersorganen en rjochterlike ynstânsjes, foar safier't dy yn de provinsje Fryslân fêstige binne of oars de provinsje Fryslân as wurkgebiet hawwe. Fierder advisearret DINGtiid oan de minister fan Ynlânske Saken en oan Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân oer it tastânkommen en de útfiering fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) en de útfieringskonvenanten, biede wy stipe by it opstellen fan regels en beliedsplannen, lykas bedoeld yn art. 5 en 6 fan de Wet gebrûk Fryske taal.

Neist dy wetlike taken befoarderet DINGtiid ek de maatskiplike diskusje oer it Frysk. Wy ha ferskillende wizen om de taken út te fieren en de ambysjes te realisearjen. Sa publisearret DINGtiid ûndersiken, advizen en rapportaazjes, en skriuwt advysbrieven oan bewâldslju en partijen út it fjild. Dêrneist fiert DINGtiid petearen mei partners en belanghawwenden op it mêd fan de Fryske taal. Ut en troch wurde dy petearen yn in breder ferbân organisearre en wurde dat rûnetafelpetearen, dy't sels it karakter fan minsymposia krije kinne: de saneamde 'DINGpetearen'. By in DINGpetear bringe wy saakkundigen fan in bepaald ûnderwerp byinoar en biedt de dielnimmers eftergrûn en ynhâld om it ûnderwerp yngreven bedjipje te kinnen; sa besjoen binne DINGpetearen in foarm fan 'fjildkonsultaasje' of 'boargerkonsultaasje'.

Yn 2022 is DINGtiid úteinset mei de jierlikse DINGtiid-lêzing. Troch in spesifyk tema, relatearre oan it Frysk en de BFTK, wol DINGtiid minsken yn ferskillende wurkfjilden mei-inoar yn de kunde komme litte. Boppedat foarsjocht DINGtiid sa de Fryske mienskip fan kennis en perspektyf, mar fuorje wy ek ússels mei praktykynformaasje en nije of feroarjende ynsjoggen.

## **De namme DINGtiid**

In 'ding' wie yn de tiid fan de âlde Germanen in gearkomste dêr't frije Friezen yn byinoar roppen waarden om kwestjes of skelen te besprekken. Nei wiidweidich besprek joech de 'asega', in rjochtskenner, úteinlik syn oardiel. DINGtiid set it 'ding' yn in nij perspektyf. As in ûnderwerp aktueel is, kin DINGtiid saakkundigen of oare nigethawwers byinoarbringe yn in DINGpetear en dat tema fan ferskate ynfalshoeken út beprate, mei it doel om ta in goed advys te kommen dat ek draachflak hat.

**[www.dingtiid.frl](http://www.dingtiid.frl)**

**[ynfo@dingtiid.frl](mailto:ynfo@dingtiid.frl)**

